Op 'e Skille is in útjefte fan Utjouwerij Bokma

18 maaie 2016 • 51ste jiergong • Nûmer 10

Laitsje kost neat en is in woldie foar in oar

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



### Oude belofte van vijftien jaar terug

Voetbalvereniging uit Easterlittens sluit seizoen af met wedstrijd tegen oud-cambuur

pagina 3>



### Diamanten houliksfeest

Troch fuzjes yn de suvel hawwe Hette en Sietske Ligthart op hiel wat plakken wenne

pagina 3>



### Therapie in een paalwoning

'Als je iets met liefde en vanuit je hart doet, kan het bijna niet meer fout gaan'

pagina 13>

## Alie Stropsma nimt ôfskie fan De Earnewjuk

# 'Moai om te sjen hoe't bern harren ûntwikkelje'

**_Easterlittens_ - Alie Stropsma-Kromhout fan Easterlittens is 65 jier wurden en mocht op 10 maaie mei pensjoen. Sa'n 29 jier wie sy skoalskjinmakster op CBS De Earnewjuk. Woansdei 11 maaie is Alie folop yn it sintsje setten troch learkrêften en bern. Hja hawwe har in prachtich ôfskied jûn.**



*Alie Stropsma, even de keninginne fan De Earnewjuk yn Easterlittens.*

Nei it ferstjerren fan frou Van Eijck yn 1987, siet de basisskoalle yn Littens sûnder skjinmakster. De âlders hawwe de earste wiken mei-elkoar de skoalle skjinholden. „Ik fûn it wol leuk wurk, dat ik haw de foarsitter belle dat ik it wol oernimme woe", sa fertelt Alie. „25 jier gie ik alle dagen efkes nei skoalle ta om skjin te meitsjen. Hoefolle oeren as it krekt wienen haw ik net byholden. As it skjin wie koe ik wer nei hûs."
De lêste jierren himmelt Alie noch twa dagen en Anja Koopmans fan Wjelsryp docht de rest fan de wike. „Ik gong meastentiids al nei skoalle ta as de bern der ek noch binne. Der wie dan wol in lokaal leech wêr as ik fêst begjinne kin. Ik fyn it noch altyd in moai gesicht as de beukerkes foar it earst op skoalle komme. Earst hiel ferlegen, mar nei fjirtjin dagen sizze se al: 'Dag Alie'. En dan nei acht jier geane hja as pubers wer fan skoalle ôf. Moai om te sjen hoe de bern harren ûntwikkele hawwe yn dy jierren."
Neist har wurk as skjinmakster wie Alie geregeld op skoalle te finen. Helpe by de Krea-middeis, as lêsmem en as der klust wurde moast op skoalle, dan stie Alie klear mei in bakje kofje. Sa wie hja ek altyd oanwêzich by de 10-minuten gesprekken. De âlders mochten dan earst de lesboeken en wurkjes fan de bern besjen, neffens Alie koe dat net sûnder in bakje kofje. En nei 10 minuten rammele Alie op de doarren fan de learkrêften om oan te jaan dat de tiid om wie. Neist it wurk op skoalle is hja ek altyd yn it spier west foar it doarp. De lêste jierren is hja ynstekster by it Berne Iepenloftspul yn Easterwierrum.
By har 25-jierrich jubileum yn 2012 is Alie op in karre troch it doarp gien. Dat woe sy dit kear perfoarst net. Hja is doe Ridder wurden yn de oarde fan de fergulde stofdoek. Hjirby krige hja in oarkonde en in fergulde stofdoek.
By har ôfskie, op 11 maaie waard der in talintesjo opfierd troch de bern. Fan tolve oan't ien oere koe elkenien lânskomme op de resepsje. Dernei wienen de fiif âld direkteuren fan de skoalle útnoege foar in lunch mei Alie.

„Ik haw in moaie tiid hân en sil it fêst misse. Foaral de kollega's, mar ek de bern. Der komt no geregeld in bern oan de doar dy't wat fergetten hat op skoalle. En it is dan maklik as Alie in sleutel hat. Wy hawwe no tiid foar in moaie fakânsje."

## Stemcomputer terug bij verkiezingen 2017?

*Wommels* – Het is niet uitgesloten dat bij de herindelingverkiezingen op 22 november 2017 de stemcomputer terugkeert in het stembureau. Het zou dan gaan om een experiment. De Tweede Kamer besprak deze week een initiatiefwetsvoorstel van VVD-er Joost Taverne, dat nieuwe experimenten met de stemcomputer mogelijk maakt. Op 1 januari 2018 wordt Littenseradiel opgedeeld.

## Living Statues op 21 mei in Easterlittens

*Easterlittens* - Op 21 mei (13.30-15.30 uur) wordt het dorpsbeeld van Easterlittens weer bepaald door levende standbeelden. Voor de vierde keer wordt in het dorp het Fries kampioenschap Livings Statues gehouden. Vorig jaar kon het evenement vanwege een gebrek aan bestuursleden geen doorgang vinden. Wel is besloten van Living Statues een tweejaarlijks evenement te maken. Op het centrale plein midden in het dorp wordt een braderie gehouden. Meer informatie op de facebookpagina van Living Statues Easterlittens.

## Ilse Vellinga wint it Lyts Frysk Diktee

*Wommels* – De alvejierrige Ilse Vellinga út Wommels hat yn Ljouwert it Lyts Frysk Diktee op har namme skreaun. Ilse, learling fan de kristlike basisskoalle It Fûnemint, makke mar sân flaters en dêrmei wie se de bêste fan de 25 bern, dy't mei diene oan it Lyts Frysk diktee.

## Nieuw bedrijfspand autoverkoopbedrijf



*Op het bedrijventerrein in Winsum wordt in opdracht van Autoverkoopbedrijf Van der Wal een nieuw bedrijfspand gebouwd. Van der Wal is sinds tien jaar gevestigd aan de Walperterwei in Wommels, maar verhuist eind augustus naar Winsum. Naast een showroom krijgt het autoverkoopbedrijf ook een autowasserette voor eigen gebruik en een plaats om auto's te poetsen. Eigenaar Anske van der Wal uit Eaasterlitten richt zich op de in- en verkoop van zowel bedrijfsauto's als personenauto's. Hoofdaannemer van het nieuwe pand is Bouwbedrijf Kooistra uit Kûbaard.*




29 MEI 2016
JAARMARKT
13.00 U – 18.00 U
KOM NEI WOMMELS
KUIERTOCHT
6 KM 16 KM 26 KM
opgave en info
WWW.KOMNEIWOMMELS.NL

TRAMPOLINES
NU 30% KORTING!
180 CM.
VANAF 59,95
ACR
uw WINKEL voor van alles en ........

Timmer- & Aannemersbedrijf
Van Ruiten
OOK STALLING MOGELIJK
INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL · 06 - 24 629 763 · WOMMELS

